

In klassiker dy't de tiid trochstiet

FD 25-01.14

Klassyk

troch Tryntsje van der Steege

As ien fan de earste science fiction-ferhalen fertelt *De Tiidmasine* (1895) fan H.G. Wells it aventoer fan de net neier by namme neamde Tiidreizger, in útfiner en wittenskipper, dy't mei syn Tiidmasine nei it jier 802701 (en fierder) reizget. Neist in ferslach fan syn wederwarichheden dêr en dan, is *De Tiidmasine* ek in refleksje op wat der úteinlik fan it minskdom wurde kin.

It folsleine ferhaal wurdt ferteld troch ien fan de freonen fan de Tiidreizger dy't

alle tongersdeis by him te gast binne, yn in sfear fan sjampanje, sigaren en nijsgjirrige ferhalen. De iene wike set de Tiidreizger syn ideeën oer Tiid as te bereizgjen fjirde diminsje fan Romte útien, om de wike dêrnei te let en folslein fersutere oan de iterstafel te ferskinen. Nei in goed miel fertelt er syn gasten wat him oerkaam is yn de acht dagen dy't er fuort west hat sûnt tsien oere dyselde moarns. Hy hat fier yn de takomst west by it freonlike mar simpele folkje de Eloï en har meunstereftige tsjinpoalen, de Morloks. Wilens syn ferbliuw besiket de

Tiidreizger te befetsjen hoe't dy dystopyske takomst dêr't it moaie noch krekt net hielendal ôf is, it resultaat wêze kin fan ús prachtige mar ûnbedimbere foarútgong.

Geart fan der Mear hat fan dizze Ingelske klassiker in krekte en goed lêsbere oersetting makke. Sawol de beskriuwingen as de bespegelingen yn *De Tiidmasine* binne goed nei te kommen. Mei't it Frysk wat mear wurden nedich hat om itselde te sizzen as it Ingelsk binne guon sinnen lykwols wat omslachtich, en guon konstruksjes wat al te Ingelsk - '...nei it noardeasten sjend

foardat ik nei binnen gong...'. Boppedat falle Hollanismen as 'droom' en 'iderien' wat út 'e toan, en as útgongen as fan 'logys/logise' en 'helploas' net sa konsekwint tapast wiene soe men dy sloarderich neame kinne. Sokke sprektal docht eins wat ôf oan de plechtigens fan dizze njoggentjinde-ieuske novelle.

Dochs komt it aventoer fan de Tiidreizger ek yn it Frysk hiel echt en libben op jin oer. It ferhaal is tige boeiend en beskriuwt in soad moaie details - fan it lânskip, fan eangstige en opteine gefoelens, en hast fjouwer siden

oer de sensasje fan it reizgjen mei de Tiidmasine: 'Moarn-tenacht kaam swart, doe wer dei, nacht en dei wer, flugger en flugger. Der klonk in rûnmeallend gegûns yn myn earen en der kaam in nuvere gefoelloaze betiisdens oer myn geast.' In klassiker dy't de tiid trochstiet.

i *De Tiidmasine*. (1895) H.G. Wells. Oerset troch Geart van der Meer. Utjouwerij Elikser, 13,50 euro

